

# Poes is dea

Thús oan 'e slach mei it tema: rou.


## Sjen en sjonge

It famke út dit filmke is net sa fleurich, hoe soe dat komme?

Besjoch it filmke



Filmke: **Poes**



## Lêstip - *Leave pake Durk*

Op in dei wurdt pake Durk siik en stjert. Tomke hat fertriet.

Tomke is by de útfearst yn it krematoarium. It boekje giet oer de lêste reis fan pake nei it krematoarium, de plechtichheid, it fuortglydzjen fan de kiste en it kofjedrinken nei ôfrin.

In moai boekje om bern te belûken by en ta te rieden op de gong fan saken om in kremaasje hinne.



## Prate

Praat mei de bern oer it filmke en it boek:

- > It famke út it filmke is fertrietlik. Wêrom?
- > Wêr is de poes út it filmke no? En wat docht er dêr? Hoe fynst dat?
- > Yn it boekje 'Leave pake Durk' giet de pake fan Tomke dea. Wat bart der allegear?
- > Hasto dat ek wolris meimakke? Hoe gong dat?



# Dwaan

Hasto ek wolris ien mist? In poes, pake, beppe of in oar dy't der net mear is? Of heit of mem as se net by dy binne? Meitsje dêr hjirûnder in moaie tekening fan!

